

ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE Wurdum Fr e.o.

Snein, 4 july 2010 (doopstjinst)

Hjoed wurde **Joni Dooper** fan Frans en Karla Hingst, en **Sanne Brinksma**, soan fan Roelof Jan en Gerda Minke Brinksma doopt. De tsjerke streamt stadichoan fol. Der wurdt wakker sleept mei stuollen, in soad famylje en freonen en fansels gemeenteleden wolle dizze tsjinst meimeitsje.

Tarieding

De âlderling fan tsjinst hjit ús wolkom. Wy sjonge it iepeningsliet: "Goedemorgen, welkom allemaal".

Bernenjonkentsjinst



In grutte groep bern ferlit de tsjerke en giet mei de lieding nei de Fikarij foar de njonkentsjinst.

Tsjinst fan it Wurd

De lêzing is út Genesis 17, 1-14/23-27. It giet oer it ferbûn fan God mei Israël en it teken: "Alles dat ûnder jimme manlik is, moat besnien wurde."

Preek

Lykas altyd begjint ds. Wagenaar de tsjinst mei: "Gemeente fan Jezus Kristus, bêste minsken."

De oertinking giet fan 'e moarn oer symboalen en sakraminten.

It ferhaal oer de besnijenis klinkt ús miskien wat luguber yn 'e earen en wy fine it mar raar. Dochs is it sa dat oer de hiele wrâld sjoen in hiel soad manlju besnien binne, ek yn Amerika en sels yn Dútslân yn de protestantske tsjerken. Abram krige mei it ferbûn in oare namme – Abraham – en dêr hearde in symboalyske hanneling by. En hjoed giet it om de fraach: wêrom moast it ferbûn besegele wurde mei in hanneling, lykas de besnijenis? It antwurd is miskien dat wurden sa flechtich binne, even en dan binne we se wer fergetten. In symboalyske hanneling lykwols bliuwt ús better by. It liket wol dat guon geheimen fan God net yn wurden te fangen binne. De besnijenis is de ynwijing yn it folk Israël, Gods folk.

Fan hûs út is de protestantske tsjerke sober, yn tsjinstelling ta de katolike tsjerke, dêr hat men 7 sakraminten. Nei de skieding binne dêr by ús 2 fan oerbleaun, de doop en it Miel fan de Hear. Om 1600 hinne kaam it lêzen en skriuwen yn opkomst, it wie de tiid fan de boekdrukkunst. De tsjerkelieders fan doe fûnen dat it doe gie om it wurd. Stadichoan is de maatskippij feroare nei in wurd- en byldkultuer, ek yn ús tiid sjogge we dat. Yn ús tsjerke is it net oars, yn de kapel binne symboalen foar doop en ferstjerren oanwêzich. Wy libje yn in byldkultuer en foar ús is de doop dêryn hiel belangryk. Ds. Wagenaar fertelt fan in foarfal fan in skoftke ferlyn yn in oare gemeente dêr't hy sels by belutsen wie. In jong stel hie in lytse poppe krigen. It berntsje rekke yn it sikehûs en folslein ûnferwacht krigen de âlders te hearren dat se deasiik wie. Op dat stuit krigen de âlders it sterke gefoel dat hja harren bern earst noch doped woene. De sikehûspredikant hat dat doe midden


yn 'e nacht dien. In skoftke letter ferstoarn it berntsje. De âlders hawwe út dy symboalyske hanneling in soad krêft helle om harren ferlies in plak te jaan.

Hjoed wurde yn dizze tsjinst twa berntsjes doopt, in hiel ienfâldich ritueel mei in wrâld fan betsjutting.

Betinken ferstjerren Bauke Span

Fan 'e wike is ús gemeentelid Bauke Span fan it Hôf ferstoarn. Ds. Wagenaar fertelt yn it koart fan de fakânsje dy't Span en syn frou krekt hân hiene. Op de jûn fan harren thúskommen waard Bauke net goed en ferstoar. Freed is yn de ôfskiedstsjinst yn dizze tsjerke mei respekt en earbied ôfskied fan Bauke Span nommen en is syn lichem tabetroud oan de ierde. We lêze twa kûpletten fan it gedicht: "De minsken fan foarby" fan Hanna Lam:

*De minsken fan foarby,
sy bliuwe yn ús libben.
De minsken fan foarby,
sy binne ús besibbe
yn leafde, yn 't ferheljen
dat wy sa graach werhelje,
yn blommenswietrook, yn in liet
dat opklinkt ut fertriet.*



Under it sjongen fan de ferzen 1 en 8 fan Psalm 90 stekt ien fan de diakens in kerske oan en bringt dat nei de kapel, dêr't de namme fan Bauke Span byskreaun is op de glêsplaat yn de oantinken nis.

Doop



bern wurde ek de dopelingen ynbrocht. De âlden meitsje



De bern komme werom fan de njonkentsjinst en sykje harren plak by de âlders wer op. Mei de

mei har in rûntsje troch de tsjerke sadat elkenien har goed sjen kin. Wilens wurdt songen: "Dyn mem en dyn heit ha dy winske" (út: tusken rein en sinne).

Dêrnei begjint it doopritueel. Ds. Wagenaar stelt de âlden de doopfragen, dy't

folmûnich beändere wurde, de âlden lêze in gedicht foar en sân bern sjonge as klysters:

"Parel in Gods hand." Nei it doopgebed sjonge wy it liet: "Hear fan ús hert":

*Hear fan ús hert
Jo ha de foarstap nommen;
Jo noegje bern om ek by Jo te kommen
yn 't Ryk dat harren tabeheart.*



Dêrnei doopt ds. Wagenaar Sanne Brinksma en Joni Dooper.





Dêrnei sprekke de âlders en de gemeente de doopbelofte út.



De lieding en de bern fan de njonkentsjinst oerlangje de doopâlden in prachtich wurkstik dat se makke hawwe.



De bern wurde dernei omheech hâlden troch de predikant sadat elts de jonge bern dat opnaam is yn de gemeente goed sjen kin.



Blommen

De boeketten blommen, dy't makke binne troch

Ettje Posthuma, geane as groet fan ús allegearre nei de doopâlden.



Tsjinst fan it Dielen

1^e kollekte: Jongerein Organisaasje Protestantske Tsjerke

2^e kollekte: Tsjerke

Foarbea

Wy tankje God foar al it goede yn ús libben, foar de doop fan de bern yn dizze tsjinst. Wy bidde foar de need yn 'e wrâld, tichteby en fier fuort. Ek wurdt foarbea dien foar de siken yn ús gemeente.

Seine

Wy meie de wrâld wer yngean yn de wittenskip dat wy ús droegen witte meie troch Gods seine .

Kofjedrinken

Nei de tsjinst meitsje in protte minsken fan de gelegenheid gebrûk om de doopâlden lok te winsken en nei te praten oer de prachtige tsjinst, ûnder it genot fan in bakje kofje.

Meiwurkers

Foargonger:

Koster:

Oargelist:

Alderling fan tsjinst:

2^e âlderling:

Bernejnonkentsjinst:

Ds.H.T.Wagenaar

Janny Smids-de Jong

Albert Minnema

Janny Veenstra

Anne de Haan

Linda Jongbloed, Corry

Brouwer en Jannie van der Wal.